

Oankundiging →

Ingo Laabs [bes.] (2017)

Julius Johannsen: *Di broowe dring / Der brave Junge*

Kiel: Friesische Philologie
Nordfriesische Wörterbuchstelle Christian-Albrechts-Universität

Beart Oosterhaven

Julius Georg Johannsen (1853-1935), berne yn Emmelsbüll yn 'e Wiedingharde, hat as auteur yn syn memmetaal, de Emmelsbüller fariant fan it Wiedingharder Frysk, de neiteam syn ferhaal *Di broowe dring* (yn it Dútsk: *Der brave Junge*) neilitten, mei dêrby twa allyksa yn it Frysk skreaune brieven oan Peter Jensen (1861-1939). Lêstneamde, in yn Horsbüll berne learaar en rektor oan ûnderskate skoallen yn Hamboarch, is de meast produktive Wiedingharderfryske auteur en liet him fierder ek kenne as ien fan 'e wichtichste Noard-Fryske taalûndersikers en -befoarderers.

Julius Johannsen emigrearre yn 1871 mei syn âlden en syn jongere broer August Martin (1855-1922) nei de Feriene Steaten fan Amearika (Port Clinton, Ohio) en hat yn 'e 'Nije Wrâld' in ferskaat fan beroppen hân, ear't er yn 1884 eigen lân keapje en yn syn ûnderhâld foarsjen koe as ymker en túnker (mei kassen).

Yn 'e 19^{de} iuw ferlieten yn ferhâlding gâns lju út Sleswyk-Holstein, mei dêrby in soad Noard-Friezen, harren bertegrûn, yn 'e hope op in better bestean yn Noard-Amearika. Der wiene lykwols ek genôch dy't harren yn oare parten fan 'e wrâld festigen.

Frijwat emigranten dy't deryn slagge wiene om op oare plakken in nij bestean op te bouwen, sochten neitiid wer kontakt mei lânslju dy't allyksa emigrearre wiene en ek wer mei efterbliuwers yn it lân fan oarsprong. De mienskiplike memmetaal spile dêrby in wichtige rol.

Julius Johannsen komt as auteur yn syn memmetaal pas let yn byld. En dan ek noch mei mar ien inkel ferhaal! Sa't er it sels oanjout, is it te rêden om in skepping dy't út ferlegenheid ûntstien is, om't er yn 'e winter fan 1929/1930 omreden fan in syklike skonk net arbeidzje koe.

Di broowe dring en 'e twa begeliedende brieven oan Peter Jensen binne weardefolle taaltsjûgenissen fan it – ôfsjoen fan it wurk fan 'e krekt-

neamde Peter Jensen – fierder net wakker oerdiedich op skrift fertsjint-wurdige Wiedingharder dialekt. It ferhaal fan Julius Johannsen en syn twa brieven ferskine yn dizze útjefte fan Ingo Laabs foar it earst yn in moderne Fryske ortografy en mei in oersetting yn it Dútsk.



Timothy Jacob-Owens (2017)

Multilingualism on Amrum.

Language contact and variation 1839-1851

Kiel: Friesische Philologie

Nordfriesische Wörterbuchstelle Christian-Albrechts-Universität

Beart Oosterhaven

Dit boek fan Timothy Jacob-Owens út Henley-on-Thames (Ingelân) jout de útkomsten fan in ûndersyk nei histoarysk taalkontakt en -fariaasje oangeande in groep meartaligen fan it Noard-Fryske eilân Amrum. Mei help fan in ynstrumintarium dat benammen ôfkomstich is út 'e histoaryske sosjolinguïstyk, wurdt taalkontakt en -fariaasje ûndersocht yn relaasje ta sosjale faktoaren.

De besteande (tradisjonele) histoarysk-linguïstyske stúdzjes binne, nefens Jacob-Owens, oer 't generaal op ientalige kases rjochte, as soe meartaligens yn dat stik minder ta de saak dwaan. Sún stúdzje dêrfoaroer, leit in streekjocht ferbân mei de sosjolinguïstyk fan 'e meartaligens. Hy wol hawwe, dat is in 'growth area' yn 'e histoaryske sosjolinguïstyk. It doel is om dêrmei by te dragen oan it better begripen fan 'e taalkundige skiednis fan in spesjale geografyske regio.

Timothy Jacob-Owens hat de taalkundige skiednis fan Amrum ûndersocht út it perspektyf 'fan ûnderen op' wei. Dat perspektyf, dêr't de fokus by leit op ynformele tekstboarnen fan 'e hân fan minder heech opplate legere en middenklasse-skribinten, hat nij ynsjoch oplevere wat de skiednis fan 'e West-Europeeske talen oanbelanget.

Multilingualism on Amrum presintearret in nij korpus fan private brieven, dy't skreaun binne yn 'e njoggentjinde iuw troch leden fan in 'gewoane' famylje op Amrum. Beskreaun wurdt yn hoefier't dy brieven foldogge oan 'e doetiidske Standertdútske skriuwnoarm en wat oft de ôfwikings dêrfan binne. Spesjaal omtinken is der datoangeande foar de ôfwikings dy't nei alle gedachten it gefolch binne fan it kontakt-hawwen mei in oare taal, dus ynterferinsjes dy't ûntstien binne trochdat de oanbelangjende skribinten kennis hiene fan oare taalfarianten.

